Dit protocol heeft in eerste instantie betrekking op de standaardelftallen maar je kunt indien je dat wenst dat verder doorvoeren in de hele vereniging. Vooral bij de scheidsrechters die zijn aangesteld door de KNVB.
Er dient bij de club een vrijwilliger gezocht te worden die het leuk vindt om scheidsrechters te ontvangen. Misschien iemand die uit de scheidsrechterswereld komt. Deze vrijwilliger is het visitekaartje van de thuisclub. De begeleider dient te weten wie er is aangesteld door de KNVB en neemt contact op met de scheidsrechter. Ze spreken een tijd af (minimaal een uur voor de wedstrijd) wanneer de scheidsrechter komt op het sportcomplex en neemt hem mee naar de bestuurskamer. Een parkeerplaats reserveren is wellicht handig. De begeleider wijst na een kopje koffie, met een broodje, afhankelijk de reistijd van de scheidsrechter, de kleedkamer en inspecteert het veld wanneer dit nodig is. Het (digitaal) wedstrijdformulier dient te zijn ingevuld en ondertekend. Na de warming up dienen de assistent scheidsrechters van beide verenigingen zich te melden bij de scheidsrechter in zijn kleedkamer voor de afspraken tijdens de wedstrijd. Voor de wedstrijdbal en de vlaggen zorgt de begeleider. Tijdens de wedstrijd weet de scheidsrechter waar de begeleider om het veld staat bij eventuele calamiteiten. Na afloop komt de scheidsrechter weer in de bestuurskamer. Het is een ongeschreven wet dat er na afloop geen negatieve uitlatingen worden gedaan richting de scheidsrechter. Immers, je kunt er toch niets meer aan veranderen. Het bestuur neemt de scheidsrechter in bescherming wanneer er kritiek in de bestuurskamer richting scheidsrechter komt.
Wanneer de scheidsrechter vertrekt, dan begeleidt de begeleider hem naar zijn auto. Dan zit het werk voor de begeleider erop.

Wat te doen bij calamiteiten?
Tijdens een wedstrijd kunnen de gemoederen door diverse omstandigheden oplopen. Spelers

zijn het niet eens met beslissingen van de scheidsrechters, trainers ageren veel te fel op beslissingen en zelfs het publiek kan zich er op een dusdanige wijze mee gaan bemoeien dat een tijdelijke stop ingelast moet worden. Middelpunt is vaak de scheidsrechter en deze zal ten allen tijde in bescherming moeten worden genomen. Een tijdelijke staking (max. een half uur) kan hieruit voortvloeien.
De begeleider dient op bovenstaande zeer alert te zijn. Bescherming is gewenst. Wanneer de wedstrijd weer hervat wordt, treedt ook het protocol weer in werking. Indien na de wedstrijd de gemoederen nog steeds heetgebakerd zijn, dan zal de begeleider ervoor moeten zorgen dat de scheidsrechter vanuit de kleedkamer begeleid wordt naar de bestuurskamer en van daar uit naar de auto.

De scheidsrechter mag absoluut niet aan zijn lot worden overgelaten en zeker niet met een paar consumptiebonnen afgescheept worden. Behandel elkaar altijd met respect. Wanneer alles goed is geregeld zal de scheidsrechter zeker voor een oefenpartij terug komen. Waarom? Omdat bij deze vereniging alles tot in de puntjes is geregeld.

Douwe D. Reitsma

SDS-senioaren(en A's)-sealtoernoai

Op **sneontejûn 29 jannewaris** is der wer it jierlikse SDS-sealtoernoai foar senioaren en de A's.
Dit begjint jûns om 18.30.
Dit toernoai is foar alle senioare-leden fan SDS(ynklusyf de sealfuotballers) en de A's.
Je kinne je opjaan oan 't en mei **tongersdei 27 jannewaris** by Willem Wijnia fia de webside of fia de mail:

info@vv-sds.nl

Jierfergadering SDS op 1 desimber 2010.

* Douwe Dirk hyt 23 leden (ynkl. de eare leden/leden fan fertsjinste: Tinus, Enno, Willem en Klaas)+ it bestjoer wolkom.
* De wurlist wurdt fêststelt en der is gjin kommentaar op it jierferslach en de notulen fan de foarige fergadering.
* Enne docht ferslach fan de sponserkommisje: Hendrik Engbrenghof folget Silvia Hania op.
De sponserkommisje merkt wol de gefolgen fan de kredytkrisis, it jild komt minder makkelik binnen. Yn maart 2010 wie de tige slagge jûn mei Ron Jans.
* Rudy docht ferslach fan de jongerein: Hans vd Schaar, Anja WijnJa en Tecla Klynsma binne nij yn it bestjoer. Fokje nimt ôfskied en wurdt tige tank sein.
De sifers oer de enquete fan Mark Postma wurde ynkoarten publisearre.
Der binne no sa'n 220 jeugdleden, we groeie noch hieltiid troch. Nei de winterstop komt der wierskynlik in F6
* Omdat Durk siik is lêst Douwe Dirk it ferslach fan de TC foar: Marco is by de technyske stêf kommen, dat is moai te kombinearren mei syn kursus Oefenmaster 2.
Feite de Haan is yn de TC kommen.
Ek al ha we sa 'n 120 leden (foar 6 teams), soms is it noch tige dreech om it allegearre wer rûn te krijen, mar Durk bellet en bellet en it komt altyd wer klear!

Voetbalvereniging
S.D.S.
Oosterend
anno 10 augustus 1947

* Baukje docht it finansjele ferslach en we steane der tige goed foar.
* Ype en Dirk Yde (de kaskommisje) ha de sifers goed kart.
* Sadwaande komt der dit jier gjin kontribúsjeferheging.
* It foarstel om troch de hiele ferieniging SDS broekjes oan te skaffen (fia it kleanfûns) hellet it net. It bestjoer sil no earst in goed útwerkt plan publisearre yn in kommende Treffer en wachtet de reaksjes ôf.
* Nei it skoft is de bestjoersferkiezing:
Oetze Paauw is nij en wurdt de fertsjinwurdiger nei de Skoalleseize. Douwe Dirk bliuwt noch minimaal in jier oan en Koos nimt ôfskied. Hy krijt de SDS klomp en wurdt opfolge troch Hilde Knol.
* Willem Twijnstra fertelt oer de forderingen fan it Multy Funksjoneel Parkearterrein; Hopelik leit der ein maaie 2011 in asfaltearre terrein fan 72x22 meter.
* Marco Hoekstra fertelt oer it 3e fjild. De plannen (mei help fan de KNVB) wurde ynkoarten nei de Gemeente stjoerd. As it skip mei jild oanleit is it samar klear, mar it

sil noch wol efkes duorje foardat dat fjild der leit. We dogge ús bêst! Ek de klaaikeamers sille opknapt wurde en we binne noch om (bettere) ljochten foar it treningsfjild út. Ek de dug-outs ha in opknapbeurt nedich.
* Rûnfraach:
André: Yn 2011 moatte we allegearre wurkje mei it digitale wedstrydformulier.
Op 28 maaie komt SDS Wekerom hjir har 55 jierrich jubileum fieren.
Tinus en Sjoerd freegje nei it protokol fan it ôflossen. Graach net iere betiid ôflosse as de wedstriid pas om 16.30 oere is en net allinne op buienradar ôfgean.
* Om 22.40 oere slút Douwe Dirk de fergadering en bedankt Auke Jetse foar de bartsjinst.

Gr. Immie

Iepen Frysk Kampioenskip yn Frjentsjer (O.F.K.)

Begjin jannewaris 2011 sil der yn Frjentsjer it Open Fries Kampioenskip Zaalvoetbal (O.F.K.) holden wurde(foarhinne Midwintercup). De sealfuotbalferiening fan Frjentsjer, Z.V.F., hat de organisaasje oernaam fan de KNVB. 3 teams fan SDS (SDS 1 seal, SDS 1 fjild en de SDS-froulju) dogge mei om te probearjen de finaleronde dy 't op sneon 15 jannewaris holden wurdt te heljen. Hjirûnder de poule-yndielingen en de programma's fan de SDS-teams sadat jim yn jannewaris moai efkes yn de Trije yn Frjentsjer sjen kinne.

Tongersdei 6 jannewaris SDS-froulju

Poule DS	Tijd	Thuis		Uit	Zaal
Futsal Heerenveen	19.45	Fut.Heerenveen	-	O.N.S. Zaal	Nieuwe Hal
O.N.S. zaal	20.00	H.Z.V.V.	-	S.D.S.	Trije Links
H.Z.V.V.	20.00	Workum Veld	-	Veenwouden	Trije Klok
S.D.S.	20.30	O.N.S. Zaal	-	H.Z.V.V.	Trije Links
Workum veld	20.30	Workum Veld	-	S.D.S.	Trije Rechts
Veenwouden	20.30	Fut.Heerenveen	-	Veenwouden	Oude Hal
	21.00	Workum Veld	-	H.Z.V.V.	Oude Hal
	21.00	S.D.S.	-	Futsal Heerenveen	Nieuwe Hal
	21.15	O.N.S. Zaal	-	Veenwouden	Trije Links
	21.45	H.Z.V.V.	-	Futsal Heerenveen	Trije Links
	21.45	Veenwouden	-	S.D.S.	Trije Klok
	21.45	O.N.S. Zaal	-	Workum Veld	Trije Rechts
	22.15	Workum Veld	-	Futsal Heerenveen	Trije Rechts
	22.15	O.N.S. Zaal	-	S.D.S.	Oude Hal
	22.15	H.Z.V.V.	-	Veenwouden	Nieuwe Hal

Moandei 10 jannewaris SDS 1 seal

Poule HG ;	Tijd	Thuis	-	Uit	Zaal
F.V.C.	19.30	F.V.C.	-	Avanti	Trije Links
Avanti	19.30	S.D.S. Zaal	-	Oeverzwaluwen	Trije Klok
S.D.S. zaal	19.30	Ropta Boys	-	C.V.O.	Trije Rechts
Oeverzwaluwen	20.00	Avanti	-	S.D.S. Zaal	Trije Rechts
Ropta Boys	20.00	Ropta Boys	-	Oeverzwaluwen	Oude Hal
C.V.O.	20.00	F.V.C.	-	C.V.O.	Nieuwe Hal
	20.30	Ropta Boys	-	S.D.S. Zaal	Nieuwe Hal
	20.45	F.V.C.	-	Oeverzwaluwen	Trije Links
	20.45	Avanti	-	C.V.O.	Trije Klok
	21.15	F.V.C.	-	S.D.S. Zaal	Trije Klok
	21.15	C.V.O.	-	Oeverzwaluwen	Trije Rechts
	21.15	Avanti	-	Ropta Boys	Oude Hal
	21.45	Ropta Boys	-	F.V.C.	Oude Hal
	21.45	Avanti	-	Oeverzwaluwen	Nieuwe Hal
	22.00	S.D.S. Zaal	-	C.V.O.	Trije Links

Tiisdei 11 jannewaris SDS 1 fjild

Poule HJ	Tijd	Thuis	-	Uit	Zaal
Trynwalden zaal	19.30	D.T.D.	-	Trynwalden Zaal	Oude Hal
v.v.D.T.D.	19.30	S.D.S. Veld	-	Harlingen	Nieuwe Hal
S.D.S. veld	19.45	Wardy	-	Balk Zaal	Trije Rechts
v.v.Harlingen	20.15	S.D.S. Veld	-	D.T.D.	Trije Rechts
Wardy	20.15	Harlingen	-	Wardy	Trije Klok
Balk zaal	20.15	Balk Zaal	-	Trynwalden Zaal	Trije Links
	20.45	Wardy	-	S.D.S. Veld	Trije Links
	20.45	Harlingen	-	Trynwalden Zaal	Oude Hal
	20.45	D.T.D.	-	Balk Zaal	Nieuwe Hal
	21.15	Trynwalden Zaal	-	S.D.S. Veld	Nieuwe Hal
	21.30	Balk Zaal	-	Harlingen	Trije Rechts
	21.30	D.T.D.	-	Wardy	Trije Klok
	22.00	Wardy	-	Trynwalden Zaal	Trije Klok
	22.00	D.T.D.	-	Harlingen	Trije Links
	22.00	S.D.S. Veld	-	Balk Zaal	Oude Hal

De nûmers 1 en 2 yn elke poule geane troch nei de finales op sneon 15 jannewaris yn de Trije yn Frjentsjer.

De rest fan it programma en de poule-yndielingen kinne jim fine op: **http://www.zvfonline.nl/OFK**

Beste SDS'ers,

Heb je het al gezien?
SDS heeft een eigen kledinglijn!
Kleding geheel in de stijl van onze vereniging voorzien van ons clublogo.
Nergens anders te verkrijgen, alleen via onze website te bestellen, dit doe je door op het winkelwagentje te klikken en je kunt dan je tas of trainingspak kopen.
Aangezien we (nog) geen voorraad hebben zit er een levertijd op de kleding.
Bestel zo snel mogelijk dan kun je in het 2de gedeelte van het seizoen nog beschikken over je kleding.
Wil je de kleding graag eerst even bekijken?
In de vitrine in de hal hangen de meeste kledingstukken.
Passen? Loop even binnen bij het wedstrijdsecretariaat op een zaterdag morgen.
De SDS sokken kunnen op elk moment gekocht worden. (€ 10,-)

Een overzicht van wat SDS te bieden heeft: Tassen, rugzakken, polo's, trainingspakken, etc.

Op dit moment hebben we op voorraad: 20 tassen en 6 workshorts maten M,L en XL en trainingsshirts M,L en XL.
Wil je één? Kom langs!

Wy hyve mei…

Doe wij oer de wylde golven fan it ynternet surfden kamen wij in âlde bekende tsjin. In echte plattelânsk jonge die mei de moderne tiid meigiet. Want sa`t je froeger as boeresoan allinnich mar te berikken wienen mei de polsstok, tsjinwurdich binne je al te berikken mei in minimale polsbeweging en in druk op de knop. Gjin smoarge fuorten en wiete sokken, mar gewoan lekker mei in waarm bakje kofje fan efter de computer.

We hyve mei..... Sybren (Astro)Nauta

Sybren is 23 jier âld, berne op 13 desimber en ôfkomstich út it pittoreske doarpke Itens. Hij is hyver fanôf 14-12-2007. Wat ús dan lyks opfalt is dat hij skynber pas fanôf syn 21ste jier oan de hyves mocht. At dit oan syn âlders lei witte wij net, mar hij hat der tankber gebrûk fan makke. Want in dei nei syn 21ste jierdei hat hij fuortendaliks syn profiel oanmakke. Fanôf dat momint hat hij aardich oan de dyk timmere, want syn freonekring is útwreide ta 276 freonen.

Syn hobbys binne keatsen, fuotbalje en hurdrinne. Mar dat lêste soenen wij allegear dwaan at der in grutte bolle efter ús oan kaam sa`t wij dy sjogge op syn eftergrûn. Fan al dat hurdrinnen krij je natuerlik ek honger. Mar mei al dat fee is dat gjin probleem. It leafst iet hij syn fee yn de foarm fan shoarma mei in bytsje mostersaus. It soe ús neat ferbaze at dy mostersaus, lykas de shoarma, ek thús fokt wurd. Want oan syn merken te sjen is kwaliteit wol belangryk foar Sybren. Sa soe hij it leafst Heineken drinkend, mei in G-star shirt en Nike skuon oan, yn syn VW sitte te beljen mei in Nokia tillefoan mei Vodafone abonnemint.
Holtsje (sa`t syn krabbeljende freonen him neame) hat net sa`n grutte kolleksje oan foto`s op syn hyves stean. Yn totaal is hij op sân foto`s te bewûnderjen. Sa te sjen lest hij ek wol in bierke, want op fjouwer fan de sân foto`s is Freddie Heineken ek spotten. Sybren is sels ek fyftjin kear spotten, wêrûnder in oantal kearen as skiep. Dat makket noch in kear dúdlik dat fee de reade trie troch syn libben is. Hij wie dan ek sa bliid as in hokkeling doe hij de earste stappen wer sette mocht yn de griene greiden fan de Skoalleseize. At jim yn de kunde komme wolle mei dizze sosjale jonge, besykje dan in kear syn hyves. En miskien kinne jim him helpe om syn freonekring noch wat út te wreidzjen.

(BD)

In fruitmandsje bringe by Sytze Kooistra

Kryst is in tiid fan geselligens en minsken om die hinne. Mei kryst meie minsken best wat mear oandacht jaan oan minsken die dat fertsjinje. Dêrom ha wij foar dizze krystedysje fan de Treffer in nije rubryk yn it libben roppen. Wij sille mei in fruitmantsje bij in SDS`er lâns gean dy al in skoftke yn de lappemande sit. Om dizze persoan, yn de trant fan kryst, in hert ûnder de riem te stekken. Dizze kear is dat Sytze Kooistra.

Doe ‘t wy by Sytze oankamen hearden wij dat hij hielendal net thús wie, mar dat hij yn Hongarije siet. Nei wat trochfreegjen die it bliken dat hij syn nocht hie fan syn blessuere en dat hij de toutsjes yn eigen hannen nommen hat. De Fryske metoaden dienen net fertúten, dêrom is hij yn Hongarije opsyk gongen nei in Hongaarske wûnderdokter. Wij ha dêr kontakt mei him socht en binne benijd nei syn ûnderfiningen.

Wat foar blessuere hast do eins?
Ik ha lêst fan myn linker knibbel. Nei alle gedachten leit it oan myn oanhechtings pees. Dy is minder oan mij hechten dan einliks de bedoeling is.

Hoelang hast der al lêst fan?
Al mei al ha ik der no al sa`n twa jier lêst fan. De iene kear giet it wat

better as de oare kear. Ik ha sis mar wat in knipperljocht relaasje mei myn knibbel.

Bij hokker fysioterapeut hast do dy hjir yn Fryslân behannelje litten?
Ik rin al in oantal moannen bij Topfysio yn Wommels. Se soargje dêr goed foar mij, en ik merk ek wol dat it better wurd. Allinne it wol noch net hielendal oergean.
Wij ha heard datst do opsyk gongen bist nei in wûnderdokter, wat hat dij dêr ta oansetten?
Ik rin der no al sa`n twa jier mei om, en wol der wol graach fanôf. Ik wol graach wer fuotbalje en dêr ha ik alles foar oer. En at de gewoane metoaden net wurkje, dan moatte jo soms iets oars prebearje.

Wêrom Hongarije?
Myn broerke, Doede, hat in maat die út Hongarije komt. Hij hat mij oanrieden om nei Hongarije te gean. De dokters dêr binne spesjalisearre yn knibbels en omkriten. It skynt sels sa te wêzen dat sij in fuotballer die beide knibbels kwyt wie troch in fjoerwurk ûngelok der wer boppe op holpen ha. Ferenc Puskás hjitte dy man,

miskien kinne jim him? Hij koe wol in aardich baltsje skoppe. Nei dat ferhaal wienen bij mij de twifels fuort, dêr moast ik hinne.

Wat foar dokter is dat krekt?
Earst ha ik in frou besocht dy bekend stiet om har goeie massaazjes. Se skynt spesjale krachten yn har fingertoppen te hawwen. Se hat mij hielendal massearre, fan myn teannen ta oan myn earen. Dit hat mij allinne net safolle holpen, ik hie nei de tiid noch mear lêst fan myn knibbel. Dat hie ik efternei ek wol witte kinnen, want se stie lâns de dyk en se koste mar 50 euro. Dat hie nea goed wêze kinnen. Dernei ha ik in echte wûnderdokter besocht. Dizze man hie diploma`s, in praktyk en foto`s fan fuotballers oan de muorre. Dit moast him wêze.

Hoe bist dêr behannele?
De behanneling bestie foaral út in soad rinne. Derneist ha ik dagen lang yn bad sitten. Gjin gewoan bad, mar in terminaal bad. Dizze waarme baden soarchje foar ûntspanning en trochblieding fan de knibbel. It geheim sit him foaral yn de krûden dy se hjirfoar yn it bad goaie. Ek de sauna wie ûnderdiel fan de behanneling. De waarmte skynt goed de wêzen foar de spieren.

Wurdst dêr no ek echt behannele mei memmekoeke/moederkoek?
Die geruchten ha ik ek lêzen op Wikileaks. Mar ik ha it neifrege hjir en se sizze der hielendal neat fan te witten. Dus ik nim oan dat ik net behannele bin mei memmekoeke.

Hoe sit dat dan mei oare koeke? Pannekoeke of gefulde koeke?
Neffens mij ek net. Ik ha net it gefoel hân dat ik behannele bin mei wat foar koeke dan ek. Sil wol in fabeltsje wêze.
Hast nei de behanneling ek de hiele tiid hûnen efter dy oan?
Dat is gjin fabeltsje. Ik ha yndie de hiele tiid hûnen efter my oan. Dit is sels ûnderdiel fan de behanneling. Se brûke nêst de krûden ek hûnebrokjes yn de waarme baden. Eltse kear at ik bûten kom sitte der hûnen efter my oan, se drave mei troch hiel Boedapest. Dêrtroch wurd ik twongen om in soad te draven. En dat soarget dan wer foar in rapper herstel.

Bist ek bekenden tsjinkaam yn dy klinyk? En hoe hjit dy klinyk eins?
De klinyk hjit Körzömönönz (Je sprekke it út sa`t jo it skriuwe). En nee, ik bin hjir spitich genôch gjin bekenden tsjinkaam. Ik ha wol heard dat Balász Dzsudzsák hjir ek in soad behannele wurd. Mar die bin ik ek net tsjinkaam.

Hoelang moast noch yn Hongarije bliuwe?
Op dit momint moat ik noch ien behanneling ûndergean. Dernei sil ik op hûs oan, en dan hoopje ik dat myn knibbel opknapt is. It is noch

al efkes ôfwachtsjen hoe de weromreis gean sil, yn ferbân mei de hûnen dy mij folgje sille. Is der miskien noch ien fan jim dy in hûn keapje wol? Skilje mij dan efkes. Ik ha Sint Bernards,, poedels, wynhûnen, wetterhûnnen, hot dogs en Jack Russels. Op de Jack Russels sit noch in levertiid, omdat dy mar lytse poatsjes ha en noch ûnderweis binne.

Wat is plan B at dit gjin resultaat jout?
Ik ha einliks gjin plan B omdat ik in soad fertrouwen ha yn in goed resultaat. Mar mocht it no al fout gean, dan moat ik miskien Dick van Toorn mar efkes skilje. Dy hat wûnders ferrjochte mei Arjan Robben, miskien dat hij mij ek helpe kin.

Wannear tinkst úteinlik wer fuotbalje te kinnen?
Ik hoopje dat ik nei de winterstop wer oanslúte kin bij de groep. En dat ik dan ek sa snel mogelik wer lekker balje kin. Mar dat is ôfwachtsjen.

Hast fjirder noch tips en trúks wêr wij hjir bij S.D.S ek noch wat oan ha kinne?
Se ha mij hjir oanrieden om in soad bij de Mc. Donalds te iten. De fetten dy yn it iten sitte skine goed te wêzen foar it herstel fan it lichem. It is wol belangryk dat jo nei elke hamburger trije kear fan de glydbaan ôfgean, sadat it fette iten fertarje kin. Wêrtroch jo fit en snel bliuwe. Ek pálenka, in lokaal drankje is goed foar de pine. It spul is sa sterk dat it wurket as morfine en jo pinefrij fuotbalje kinne. Sytze, tige tank foar dyn tiid. En in soad súkses mei dyn herstel.

Egészségedre (op je gezondheid)

(BD)

SDS-frouljussealtoernoai

Op **moandeitejûn 27 desimber** is der wer it jierlikse SDS-frouljussealtoernoai. Dit begjint jûns om 19.00.
Dit toernoai is foar de froulju fan SDS D1 en D2.
Je kinne je opjaan oan 't en mei **freed 24 desimber** by:
Janneke van den Elshout
06-20040673
en
Anna-Marijke Posthumus
06-30334083
of fia de mail:
janneke_e@hotmail.com

Krystpuzzel

C	H	R	I	S	T	I	A	A	N	R	M	I	E	P	R
N	A	M	A	B	R	O	E	R	S	M	A	T	H	E	O
I	R	S	S	D	O	U	W	E	D	I	R	K	T	T	F
O	M	D	T	I	N	U	S	H	S	Q	T	E	E	E	D
M	E	S	A	I	U	E	D	D	Y	S	I	E	O	R	S
N	L	S	K	T	J	R	T	W	A	P	N	O	E	A	N
A	E	D	B	O	T	E	E	A	I	Y	J	A	P	S	N
L	S	Y	H	J	E	L	L	E	R	J	A	N	N	S	W
O	Y	V	D	U	R	K	V	M	H	O	N	N	G	E	I
D	B	T	J	T	W	I	L	L	E	M	B	E	L	B	L
Y	R	S	O	N	V	F	T	K	B	R	O	E	M	E	C
W	A	Z	G	D	A	R	P	E	T	C	U	N	R	R	O
Q	V	A	T	C	C	I	O	H	M	E	K	A	T	T	L
D	B	Z	N	N	J	N	E	E	S	I	E	T	A	U	A
A	D	M	R	T	E	E	R	B	T	I	N	T	E	S	C
P	E	I	H	T	N	O	O	R	E	O	Y	F	N	E	P

Jonges en famkes, in spesjale wurdsyker foar in spesjale Treffer mei dêr yn spesjale nammen.
It binne nammentlik de nammen fan minsken dy't (mei help fan in hiel soad oaren) in protte wurk spesjaal foar jimme fersette.
Sjoch mar ris goed as dyn eigen trainer der ek by stiet!

Sykje de folgende nammen:

klaas, tinus, remco, tjipke, christiaan, ab, sieta, robert, peter, wilco, jelle, bote, aant, willem, syb, jelmer, douwedirk, harm, bertus, martin, boudwijn, bertus, janbouke, ayanle, durk, theo, anne, pieter, eddy, broersma en lody.

Ut de alde doaze

Ut ien fan de plakboeken fan Johan Heerma komt dizze foto:
Steand: Master Tanja (lieder), Marco Bos, Willem-Auke Spoelstra, Klaas-Jan Bootsma, Cristiaan Bergstra, Alexander Sternsdorf en keeper Johan Heerma.
Op hurken: Wichard Deinum, Jaap Zwaagstra, Ruurd Vellinga, Dirk Jan Walstra en ……..?
Neffens Wichard Deinum is it in foto fan E1 út ±1978.
Hjir noch in byld ut in wedstryd fan dyselde E1:

En wa't noch in aardige foto hat foar dizze rubryk kin dat trochjaan oan de redaksje. Foaral fan de legere alvetallen en jeugdalvetallen fan 30 40 jier soe in foto hiel aardich wêze.

Yn de kunde komme mei……

Hans van der Schaar

Der binne in bult frijwilligers by SDS dy ’t in soad wurk fersette, mar nea yn de skynwerpers stean. Sa sit sûn ’t fan ‘t simmer Hans van der Schaar yn it jeugdbestjoer as algemien lid. Wy wolle wol wat mear fan him witte.

Kinsto dy sels efkes foarstelle?
Ik bin Hans van der Schaar en wenje sûnt 2 jier yn Wommels mei myn frou Maureen en ús fjouwer bern Luuk (E2), Jikke, Sije(F5) en Rixt. Troch de wike wurkje ik yn ‘e sûnenssoarch en yn it wykein bin ik faaks mei myn band Why Not op paad.

Hasto sels ek fuotballe?
Ja, in hiel skoft werom haw ik oant en mei de D1 fan AVC (Seisbierrum) spile. Letter haw ik noch wol sealfuotballe op freedtejûn yn Frentsjer, mar myn fuotbalkarriere is nooit echt fan ‘e grûn kaam…..

Dyn soanen fuotballe ek by SDS?
Ja, ús Luuk fuotbalt by E2 en ús Sije bij F5. Wat in aardichhiid is dat om die bern to sjen fuotballen. Foaral ús Luuk is hartstikke fanatyk, hy wol letter dan ek, neist dokter, trainer wurde by SDS. Fan Sije hie ik tocht dat er it wolris net sa leuk fine soe, mar it ferbaast my wat in lol hy d’r oan belibbet. En sa lyts at er is hat er it spultsje wol aardich troch. Ja, ik bin as heit echt grutsk op myn bern. Us famkes moatte neat fan fuotballen hawwe mar sy binne ek altyd lekker sportyf yn tou.

De jonges hawwe der dus wol aardichheid oan?
Ja, de jonges fine it geweldich. Op it heden docht ús Luuk mei syn team mei oan ‘e sealfuotbalkompetysje en mei de aktiviteiten fan SDS sels derbei is hy elk wykein sawat ûnder de pannen. Hy wol it ek net oars.

Sije traint allinich noch mar dus ik bin benyd hoe't hy it aanst op it fjild yn e kompetysje docht. Hy fynt it wol prachtig om te dwaan en is goed fel op 'e bal.

Wat is dyn taak yn it jeugdbestjoer?
Ik bin tegeare mei Bote Strikwerda ferantwurdlik foar it winterprogramma fan 'e jeugd. Derneist bin ik algemien lid en regelje ik it skoallefuotbaltoernoai en it Meinte Sixma toernooi.

Wat falt dy op by SDS?
Yn positieve sin falt my op dat er in grut potensjeel oan spilers, trainers en bestjoerders omrint. In protte minsken binne belutsen by SDS, dat is goed. Wat my yn negatieve sin opfalt is dat de kommunikaasje yn de hele breedte net altiten helder is. Minsken wurde hjirtroch ûntefreden, dwers of lilk. Undúdlikens en heal beleid is yn myn eagen in grut probleem. De organisaasje moat transparant wêze.
En der sit hjir en dêr in protte âld sear wêr 't ik sa de finger net op lizze kin. Ik sil hjiroer dan ek gjin útspraken dwaan , want ik kom noch mar krekt sjen.

Binne der al dingen dyst graach oars sjochst binnen SDS?
Ja, dat hat gruttendiels te meitsjen mei myn foarige antwurd. Mar ik soe ek graach sjen dat er mear trainers op 'e jeugd setten wurde. Ik wit dat dat gjin makkelijke taak is, mar dochs soe ik it graach sjen. Selektere foar de standaard teams op in objektive wize, ek al yn de F-kes. It is nobel om teams yn stân te hâlden mar docht net altiten rjocht oan in spiler. SDS moat sjen nei in jeugdbeleid wêrby rekreatief fuotbaljen hân yn hân gjit mei op prestaasje rjochte fuotballen. It iene hoecht it oare net út te sluten.

Hast ek in bepaald doel foar eagen by SDS?
Myn doel is dat SDS as ferieniging fierder groeit yn prestaasjes en grutte. De jeugd moat by SDS tinke "dêr soe ik ek wol by heare wolle". En âlden moatte wiite wat der spilet by SDS, lykas de spilers.
Ik soe graach in winterpotsje foar elts jeugdalvetal hawwe wat te besteden is oan sealhuur of huur fan in keunstgersfjild. Dat potsje hoecht net op mar as spilers en trainers bûten troch traine wolle dan moat soks mogelijk wêze. Neffens my is it jild der wol.
Mei de jeugdkommisjeleden en de TC haw ik alle fertrouwen yn 'e takomst fan SDS. We hawwe al stappen naam nei ferbettering en ik ferwachtsje noch gruttere stappen.
(WW)

Nijs fan de aktiviteitenkommisje

De data foar it klaverjassen yn 2011 binne:

Tongersdei **20 jannewaris**
Tongersdei **17 febrewaris**
Tongersdei **17 maart**

Eltse jûn begjinne we om 19.30 oere.

Programma nijjiersresepsje
Sa at jim witte is de nijiersresepsje op 8 jannewaris.
Wy as aktiviteitenkommisje ha it volgende programma makke.

13.00 oere: Start kuiertocht fan sawat 9 kilometer.

14.00 oere: Start dravers foar in rûntsje fan sa'n 7 kilometer.

15.15 oere: Genietsje fan in kop snert.

16.00 oere: Nijierstaspraak fan ús foarsitter.

Fansels ha we ek draaiend rad en in gesellich stikje musyk.

Ek stiet der noch in lytse ferrassing op it programma, mar dat sjogge jimme dêr wol!

Foar earst noflike krystdagen en in goeie jierwikseling tawinske.

Út namme fan de aktiviteitenkommisje,

Anny

Kees' kollum : Babbel en syn goudfisken

Berlyn is moai, mar net yn alle opsichten. At je hjirre wenje sitte je namelik krekt yn de ienige haadsted fan Europa wer de pleatselike club net yn de heechste ôfdieling spilet. Dus yn pleats fan HSV en Bayern München, komme no klubs as Greuther Fürth en Alemannia Aachen op fisite.

De degradaasje fan Hertha ôfrune jier fun plak under lieding fan Friedhelm Funkel. Funkel is gelokkich untslein en presteert it op it stuit om mei VFL Bochum of te stefenjen op de tredde liga. Oftewol, it wie gjin tafol! As opfolger is Markus Babbel oanstelt. Dizze foarmalig topferdediger kaam, nei in false start fan syn karriere bij VFB Stuttgart, út by Hertha om hjir syn CV op te fleuren mei in sukkeske. Tenminste, der gie hy fan út.

Sneon, 12 Desimber, wie der de kans om te sjen hoe't dit slachet. Tsjinstander fan Hertha is Erzgebirge Aue. Ja, ek ik moest twa kear leze om te sjen at dit wol klopt. Aue blykt yn Oost-Dútse klub te wêzen dat te ofrunne jierren de gang te pakken en promofearre is nei de twadde difysje. Hjirre doche se it sels sa knap dat se boppeoan stean op it moment dat Hertha tsjin se spylje moatte. We hewwe dus te meitsjen mei in heuse topper! Herha moat winne om't se trije punten achter steane.

At de wedstriid begjint docht bliiken dat Erzgebirge Aue, in namme dy't klinkt as in mynwurkersklub, net fan de fluwelen oanpak is. Mei in stel beamstammen achteryn, skom om de mule en de mouwen omheech is dit san team dat pas wer stoppet at de skiidsrjochter fluitet. Hertha set der wat oars tsjin oer. Je kinne sjen dat Babbel yn prinsype fan it moaie fuotbal is. Tikje breed, tikje werom, rustich bordure en foaral de wedstriid kontrollere. Je sjoche hast gjin lange bal. Hertha probeart sa te fuotbaljen as hun sponsor, Deutsche Bahn (de Dutse NS) it treinferkeer regelt. De bal giet folgens plan fan station nei station. Jammer genoch giet dizze fergelyking ek yn negatieve sin op: (te) faak komt de bal net oan, of te let en yn beide gefallen is de oanslúting der net. It grutste probleem is nog wol it fynen fan it einstation. Hertha komt mar net ta skoren! Dit leit foar in grut diel deroan dat de spits in alde bekende foar Heerenveen-fans is, Rob Friend. Dúdelik is dat Rob Friend nei al die jierren nog steeds gjin echte goal-getter is. Omdat Hertha's fleugelspilers ek bepaald gjin Messi's binne, hinget der op it stuit in protte fan of hoe't de Braziliaanse broers Ronny en Rafael it op it middenfjild oanpakke. Je elftal ôfhankelik meitsje fan dizze moai-waar fuotballers is net ideaal!

De resultaten fan de ôfrune wiiken bewiize dit: Hertha het fjouwer fan de leste fiif wedstriiden ferlern en boppedat al trije wedstriiden gjin inkele goal mear makke. Op die manier ferlear hawwe se de kopposysje ferlern. De druk op trainer Babbel is no stefich tanaam. Babbel MOAT Hertha kampioen meitsje. In langer ferbliuw yn de twadde liga soe betekenje dat de royale sponsor, Deutsche Bahn, syn miljoenen leafer yn in oare ploeg stekt. Sinterklaas bestiet namelik net yn Dútslan.

It punt is Babbel moaie plannen het, mar dat it júst de erfaren mannen binne dy't it ôf witte litte. Rob Friend (29) kin better gean fuotbaljen. Raffael is yn prinsype de beste, mar erg wisselfollich. En achteryn steane Kobiasvili (34, ex-Schalke) en Christian Lell (26, ex-Bayern) te dwaan alsof se toppers binne, terwyl se mar hiel weinig beidrage. Dit binne fan die spilers die in totaal fertekend beeld fan sich sels hawwe en der mear mei dwaande binne hoe't se der útsjoche op it fjild dan mei de wedstriid sels. Lell is wat dat betreft de kening. Mei folle bombarie binnenhelle, en no oanfierder fan Hertha, is dit san type dat nei in nederlaach efen nei München fleant om der nei de disko te gean en úteinlik iemand yn it siikenhus te slaan die't opmerkingen makke oer syn spul. Der moatte jo it mar fan hewwe!
Tsjin Aue sjoche we in fertrouwd plaatsje: Hertha domineert, mar wurdt hast net gefaarlik. Oan de oare kant lefert 1 kounter fan Aue prompt hast in goal op. In ferdediger krijt de bal per ungelok tsjin sich oan, oars wie it drama hast kompleet. De manier werop Hertha dan toch op foarsprong komt seit in soad: by in hoekskop foar Hertha wurdt der wat treaun en lutsen en hjearre we yniens (net yn Iens) in fluitsje. Penalty! Toch nog in kadootsje! Nei de 1-0 feroaret der weinig, en sjoche we dat Rob Friend's ferfanger sels noch in twadde goal makket. We fjille ús súfer ferwend yn it kalde Olympia Stadion wer toch mar wer 45.000 taskochers sitte.
Nei it eindsignaal kin Babbel wer wat frijer adem helje. De negatieve serie is foarby en Hertha stiet wer twadde. Nog is der niks 'aan het handje', mar die trije nederlagen hewwe wol wat twyfels brocht. Hertha het in spits nedich dy't wol wit wer it om draait yn it fuotbal. Fjidder moatte de aldsjes ris opstean. Krekt sa as in langer ferbliuw yn de 2 liga de hiele klub yn de fernieling soe bringe, betekent dit ek foar Friend en Lell dat it lestich wurdt oait wer in Bundesliga-klub te krijen. It is oan Babbel om't se hjir fan bewust te meitsjen, al wurdt dit yn sommige gefallen nog lêstich. It liket namelik dat Lell it geheugen fan in goudfisk hat. Dy draaft mei trainen ien rundsje om it fjild en is ferfolgens wer ferjitten dat hy net mear by Bayern München sit. Kommende sneon moat Hertha tsjin de nr. 1, FC Augsburg ,wer't in protte bekinden (Luhukay, Kwakman en Nando Raffael) sitte. Hopelik hewwe de goudfisken dan de kop derby en bliuwt de trein op't spoar!

Kees Adema

Doelpunten 2010-2011

20 novimber binne de lê6ste doelpunten makke. Sa lang leit it al stil of is der net skoard. Foar Jitske Plantinga is 2010 in moai jier west. Sij pronket mei 15 doelpunten boppe-oan de list. Pieter Kamstra docht it alle seizoen goed, mar dit jier útsûnderlik goed. Hij skoarde 7 kear bij SDS 3 en 6 kear mei SDS 5. Ek Jappie wit it doel noch altiten te finen.

Opfallend binne it grut oantal A of B junioren dy't bij de senioren skoare. Bij sommige teams it oantal doelpunten opfallend leech. Sa hat SDS 1 dan wol it meast fuotballe, traine se it meast mar skoare se it minst. Bij SDS 5 is it krekt oarsom. Sa no en dan balje, nea traine mar wol 44 kear skoare. Opfallend is it oantal Ch(K)ristianen dy't yn de list steane. Of it is in namme dy't no mear foarkomt of se hawwe yn 2010 in enoarme skoaringsdrift ûntwikkele.

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 6	
Jitske Plantinga	14	1							15
Pieter Kamstra					7		6		13
Jappie Wijnia							13		13
Johan Delfsma						9			9
Harm Auke Dijkstra							8		8
Sieta Tessemaker	5	1							6
Hendrik de Jong				5					5
Robert Sijbesma				2			3		5
Joutsen Okkema		5							5
Bram Strubbe							3	2	5
Sytse Hibma								5	5
Christiaan Plantinga					4				4
Ronny Wagenaar					1	2	1		4
Myriam de Boer	4								4
Suzan Altenburg		4							4
Mark Postma			2		1				3
Gerrit Flisijn				3					3
Amarins Tjalsma	3								3
Jildou Jorritsma	3								3
Tessa Booms	3								3
Johan Postma								3	3
Erik Haitsma			2						2
Jacob van Wieren			2						2
Jildert Hylkema			2						2
Syb Overal				1	1				2
Wytze Lanting				1	1				2
Bote Strikwerda					2				2

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 6	
Dennis Dijkstra					2				2
Gerlof Veldstra					2				2
Geeske Yntema	2								2
Sipke Hiemstra							2		2
Wichard Deinum							2		2
Hendrik Engbrenghof						1	1		2
Ayanle Barkat								2	2
Bas de Haan						2			2
Bauke Jan Plantinga								2	2
Gerlof Jan Hofstra						1		1	2
Pytrik Hiemstra								2	2
Jelmer Posthumus			1						1
Tsjipke Klaas Okkema			1						1
Andries Brinksma				1					1
Anne Stenekes				1					1
Grietzen Broersma				1					1
Jan Simon Jelsma				1					1
Jort Strikwerda				1					1
Antsje Stenekes	1								1
Rianne Reijenga	1								1
Hotske Rispens		1							1
Manon		1							1
Margriet Rienstra		1							1
Sietske Poelsma		1							1
Tineke Kamstra		1							1
Christiaan Hoekstra							1		1
Christiaan Zijlstra							1		1
Elger Turksma							1		1
Tjeerd Dijkstra							1		1
Wietze Fopma							1		1
Kristian Gaastra								1	1
Gert Jan Hessels								1	1
Martin Rienstra								1	1
Totaal	**36**	**16**	**10**	**17**	**21**	**15**	**44**	**20**	**179**

Nijs fan de aktiviteitenkommisje

De data foar it klaverjassen yn 2011 binne:

Tongersdei **20 jannewaris**
Tongersdei **17 febrewaris**
Tongersdei **17 maart**

Eltse jûn begjinne we om 19.30 oere.

Trefferkes

Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Hilde Knol fia tillefoannûmer **0515-411796** of mail nei: **Ledenadministraasje@vv-sds.nl**.

Van de Burger King

Doe 't de nije spits fan Feyenoord, Jhonny van de Beukering ynfalle mocht yn de wedstriid tsjin Excelsior moast hij der in sprint útperse. Dit gie net sa hurd en dat foel de minsken yn de jimbar op. Út folle boarst waard der songen: "Hand in Hand.....Karbonade".

Slide yn de seal?

Do S.D.S 2 en 3 sneon yn de seal fuotbalje moasten fregen se oan Christiaan Plantinga wêrom at hij syn skeenbeskermers oan hie yn de seal. Sa hurd binne wij net, en yn de seal meie jo toch net slide? Christiaan: Ja mar ik bin wol hurd, en ik slide al yn de seal. Dêr wol ik sels gjin blessuere oan oerhâlde. It mocht net bate, want nei in oantal minuten moast hij mei in blesseare enkel it fjild ferlitte.

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei **info@vv-sds.nl** of **detreffer@vv-sds.nl**

De nije SDS League

Wy wolle 5 maart wer los mei de nije SDS League.
Hâld de webside yn de gaten foar de nije dielnimmingsformulieren. Wa 't meidien hat oan de earste helte fan de SDS League docht automatysk mei oan de twadde helte.
De nije teams moatte ynlevere wurde foar sneon 5 maart 19.00 oere

Gjin keeperswanten

Yn de seal hat in keeper meastentiids gjin keeperswanten oan. Lytse Pieter wit wol wêrom: "it is fiersten te waarm om wanten oan te hawwen yn de seal.

Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
26-des	Krystsealtoernoai Frjentsjer	9.00-16.30
27-des	KNVB-sealtoernoai Junioaren C-famkes	9.00-17.00
27-des	SDS-sealtoernoai foar de SDS-froulju	18.30
31-des	Sealfuotballe yn de sporthal yn Easterein	
6,7,10, 11,12,13-jan	Foarrondes Iepen Frysk Kampioenskip seal yn Frjentsjer (Foarhinne Midwintercup)	
8-jan	Klinik D-pupillen yn de sporthal	9.00-12.00
8-jan	Nijjiersresepsje SDS	
14-jan	Seal: Harkema 1 - SDS 1	20.30
15-jan	SDS-sealtoernoai F-pupillen	8.00-10.30
15-jan	SDS-sealtoernoai E-pupillen	10.45-13.15
15-jan	SDS-sealtoernoai D-pupillen	13.30-16.00
15-jan	Finales Iepen Frysk Kampioenskip seal yn Frjentsjer (Foarhinne Midwintercup)	
19-jan	Seal: Blauw-Wit'34 1 - SDS 1	20.00
22-jan	Klinik D-pupillen yn de sporthal	9.00-12.00
22-jan	SDS 1 – Zeerobben 1	14.30
29-jan	SDS 1 – Heerenveense Boys 1	14.30
29-jan	SDS-sealtoernoai Senioaren en A-junioaren	18.30
30-jan	SC Heerenveen - FC Groningen	14.30
2-feb	Seal: SDS 1 - De Herauten 1	20.30
5-feb	Klinik E-pupillen yn de sporthal	9.00-12.00
5-feb	Broekster Boys 1 - SDS 1	14.30
9-feb	Seal: SDS 1 - Futsal Buitenpost 1	20.30
12-feb	SDS 1 - Oostergo 1	14.30
16-feb	Seal: SDS 1 - Haskerland 1	21.30
19-feb	Klinik F-pupillen yn de sporthal	9.00-12.00
19-feb	SC Veenwouden 1 - SDS 1	14.30
26-feb	Inhaal: SDS 1 - H'veense Boys 1	14.30
5-mrt	SDS 1 – Buitenpost 1	14.30/15.00
5-mrt	Ynleverje nije SDS League!	Oan't 19.00

De Trefferredaksje winsket jim allegear noflike krystdagen en in poerbêst 2011!!

Winterprogramma SDS 2/3

Maandag
10/17/24/31-01-2011
Trainen op kunstveld Sneek/WZ van 20.00-21.00
07/14/21/28-02-2011
Trainen op kunstveld Sneek/WZ van 20.00-21.00
Donderdag
13/20/27 -01-2011
Spinnen bij Akkermans om 20.15 – 21.15
Zaterdag
08-01 Snertloop
15-01 Tzummarum1 – SDS 2 14.30
22-01 Makkum2 – SDS 2 12.30
25-01 Aengwirden 2 – SDS 2 20.00
29-01 Zaalvoetbal SDS senioren
05-02 Terschelling weekend : Programma:
Zaterdag eerste boot naar het eiland
rond middaguur trainen bij vv Terschelling
18.00 wedstrijd tegen vv Terschelling 2 en aansluitend eten
op stap / slapen / zondagmiddag boot terug naar harlingen
12-02 Bolswardia 2 – SDS 2 12.30
19-02 Zeerobben2 – SDS 2 14.30
26-02 Inhaalwedstrijd of schaduwwedstrijd Nijland ovb
In maart begint de competitie weer volop
Johan Faber